

Fragen fan it lid Van der Molen (CDA) oan de minister fan Underwiis , Kultuer en Wittenskip oer de iepen brief fan heechleararen Frysk oan de minister en de publikaasje fan it KNAW rapport : ‘ Nederlands verdient meer’?

1. Binne jo op 'e hichte fan de iepen brief dy't heechleararen Frysk oan jo skreaun hawwe, dêr't se de needklok liede oer de takomst fan de KNAW universitêre opliedingen Frysk en Nederlânsk en it rapport ‘Nederlands verdient meer’?^{1 2}
2. Diele jo de miening dat it fan belang is om de ûntwikkeling fan 'e Fryske taal te fersterkjen, lykas ek de KNAW pleitet oer it fersterkjen fan de Nederlânske taal?
3. Diele jo de miening dat de Fryske taal fan belang is foar de Fryske mienskip sa't de KNAW fêststelt dat de Neerlandistiek fan belang is foar de Nederlânske mienskip? Sa ja, wat sille jo deroan dwaan om de posysje fan de Fryske taal te fersterkjen? Sa nee, wêrom net?
4. *Wolle jo yn jo plande beliedsréaksje op it rapport fan de KNAW ‘Nederlands verdient meer’ ek de oprop fan de heechleararen Frysk meinimme?*
5. Binne jo it iens mei de fragen dy't de heechleararen Frysk stelle by it rapport fan de KNAW oer Neerlandistiek troch it Frysk net mei te nimmen?
6. Wat is jo antwurd op de oprop om:
 - a. te soargjen foar in garandearre finansiering foar op syn minst ien folsleine BA- en MA-oplieding Frysk yn Nederlân;
 - b. de finansjele regeling ‘tegemoetkoming onderwijsmasters’ en beheining fan it ynskriuwjild foar in twadde master ek op studinten Frysk fan tapassing wêze te litten;
 - c. dêrby oanbefellingen oer de kwaliteit fan it Frysk ek mei te nimmen?
7. Hoe sjogge jo jo rol as Minister fan Underwiis , Kultuer en Wittenskip yn it befoarderjen fan de Fryske taal op basis fan de Wet gebrûk Fryske taal, it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen, it Ramtferdrach Nasjonale Minderheden en it feit dat it Frysk de twadde offisjele taal is yn Nederlân?
8. Wat tinke jo fan it idee om it Frysk in prominint plak te jaan by it Nasjonaal Platfoarm foar de talen? Binne jo ree om yn it kontakt mei de dielnimmende universiteiten dat doel te befoarderjen?
9. Hoe sille jo universiteiten stimulearje om it Frysk oantreklik te meitsjen foar de studinten? Sjogge jo in oplossing yn it oanbieden fan minors Frysk as ûnderdiel fan in oare stúdzje?

¹ https://www.omropfryslan.nl/data/files/pressrelease/minister_knaw_def_nl.pdf

² <https://www.knaw.nl/nl/actueel/publicaties/nederlands-verdient-meer>